

## Ien en oar oer 'e Grouster sêfeart yn 'e 17e en 18e ieuw

In jier twa, trije forlyn stjúrde ik in epistelstje oan 'e Redaksje fen dizze krante, hweryn ik in oprop die oan alle ljue, dy't hwet oer de skiednis fen it âld Grou hiene ef oanwize koene, my dêrfen to forwittigjen. Hwent it koe hast wol net oars: der moast oer dit âlde plak wol it ien en oar biwarre wêze.

Sa'n oprop is yn safier in weach, det men de kâns rint alderhande meidielings to krijen fen hwet „men” fen hearen en sizzen wit. Dat is faek alhiel bryk en fordraeid en for in skriuwer oer skiednis meastentiids net brûkber. Wol sit der somtiden in kerntsje fen wierheit yn, mar it bliuwt altyd oppassen.

Ik haw mei dat gefaer net to wrakseljen hawn, hwent ik mei wol sizze: der is my neat stjurd. Allinne haw ik mei in pear ljue konneksjes krige en mei de tiid scille wy meielkoar miskien ris hwet op tou sette kinne. — 't Is ek sa frjemd net, det er dizze wei lâns neat foar it ljocht kaem. By myn ynformaesjes haw ik wol fornômd, det der sa goed as gjin âlde famylje-pompieren bihâlden bleaun binne. En it slachte fen âlde, drege Grousters, dy't yet wyt hiene fen 'e tastannen yn 60, 70 en mear jierren tobek, rêst yn 'e iwige Fjilden...

Lykwols -- ik woe it yet net opjaen. Hwa't oer Fryslân skriuwe wol, mei ek wol hwet yn him hawwe fen 'e Fryske aerd! Wy wirde net forgees „koppig” neamd. Dy koppigens hat ek syn goede side, dy't men „folhâlden”, „trochsetten” neamt. Do't ik dizze kant út net slagje koe, trune my dy tsjinslach oan it oars to bisiikjen, en ik wol jimme yn in pear stikken yn „Frisia” ien en oar forhelje hwet myn sneupen oer de skipfeart fen jimme doarp for fortuten hawn hat. Ik moat en kin my dêryn fensels net allinne by Grou hâlde, mar scil syn skipfeart om utens biskôgje yn forbân mei de sêfeart fen Fryslân en Nederlân yn 'e 17e en 18e ieuw.<sup>1)</sup>

Wy kinne wol mear as tûzen jier tobek gean om Fryske skippers yn inkelde oersê-ske lannen oan to treffen. Bygelyks yn Ingelân. Mar dêr scille wy hjir mar net tofolle oer útweidzje, hwent den hat men faek net al to fêste groun ûnder 'e foetten. 't Wirdt efkes better as men yn 'e omkriten fen 1200 komt. Der is troch skriuwers oer ékonomyske skiednis (Dr. A. Noë: De handel van Noord-Nederland op Engeland in de 13e eeuw; Dr. H. Poelman: Geschiedenis van den handel van Noord-Nederland gedurende het Merovingische en Karolingische tijdperk) en troch gelearden, dy't âlde boarnen publesearen (Dr. H. J. Smit bygelyks oer: De handel met Engeland, Schotland en Ierland; en oaren) al aerdich hwet foar it ljocht helle.

Mar dat âlde spil makket ús net folle wizer, hwent faek stiet er allinne by, dat it „Vrijesse schepe” binne. Wirdt der ús al hwet mear fen fornijd, dan stiet der op syn moast by, dat de skippers komme „uyt Stavoren”. Mar dat is dan wer sa op to fetsjen, dat hja net allinne yn dy âlde stêd tahâlde, mar hja thús hawwe earne yn 'e Súdwesthoeke fen Fryslân. Wol scil Starum ûnder de sêfarende plakken fen dy kontreien de oerhân hawn hawwe.

Mar yn 'e 14e en 15e ieuw komme dan al plaknammen fen oare doarpen en stêdden om 'e hoeke kypjen. Wy komme (ik lit hjir de jiertallen en boarnen mar biside) den Bolliszwerth, Sneik, Wercom, Henlop, Ludingkerk, Leworthe, Dockum, Esternhusen tsjin. De lêzer scil wol bigripe, hwet for plakken dêr mei miend wirde. En nou in nijsgjirrich gefal:

Dr. Smit (boppeneamd) foun yn Ingelske archiven in stik, dat ynhâldt in ûndersyk to Great Yarmouth nei it birjucht, det in stikmannich Fryske keapljue in skip út 'e stêd Lynn mei forskaet fen keapwaer, dy't oan Ingelsken tabihearre, kapere hawwe en meinômd nei Fryslân. It stik hat as datum de 15e Juni 1283. En nou wirdt ûnder dy net to earlike Fryske ljue neamd ien út „Gruwe”. Dr. Smit, dy't tige by tige yn dy âlde paperassen thús is, ornearret, dat hjir Grou miend is. (De oaren binne út „Goldham”, nei syn bitinken: Goutum ef Skearnegoutum, en Starum.)

Mar sa't ik sei: oars fornimme wy net folle nammen fen Fryske plakken út 'e stikken, dy't foar 1500 hannelje oer Fryske feart op Ingelân. En it stiet al krekt allyk mei de feart op 'e Eastsé. Dat nimt net wei, det de Friezen yn beide mei foaroan wierne. Yn ús twadde stik scille wy ús ûnlédig hâlde mei de feart op lêstneamde kontreien, en dêr scille wy Grou wol neamen hearre. Ek scille wy fornimme, det dit doarp manljue levere hat foar 'e walfisk-feart. Lêzers fen „Frisia”, wy geane nou mei Grousters „it skolperige wiet” op! Yn Eastsé en Noardlike lissé scille hja yet oare weagen sjoen hawwe as de Grousters, dy't dochs al neffens Dokter Eeltsje sankje „rôlje en brûzje” kiene!

En de greatste snoeken en karpers, dy't ea by Grou ('t meast tink ik op 'e bank „Foar de âlde manljue”!) fongen binne, bliuwen yet aerdich ûnder 'e mjitte fen 'e greate sémûnsters fen Groenlân!

Iis en snie — Grou krige der fen 't winter skoan syn part fen. Mar hwet bitsjut dat by de iisbergen fen 'e Poalsé, dy't jimme drege âlddoarpsljue dêr sjoen hawwe?

Saendam.

S. LOOTSMA,

Learaer yn 'e Skiednis.

<sup>1)</sup> Oer dit stik fen saken kin men, nei't ik hoopje, mei gauwens mear lêze yn 'e Ljouwerter krante en yn 'e „Vrije Fries”. Nei alle gedachten scil de lêstneamde in stúdzje fen myn hân opnimme oer „De scheepvaart van Hindeloopen in de 17e en 18e eeuw”.

# Len en oer 'e Grouster séfeart yn 'e 17e en 18e ieuw

II.

lizige gefaren, glêdde mûnsters  
en drege feinten.

As ik myn lêzers dúdlik útlizze scil, hwet it bitsjut hat mei to gean op 'e wâlfiskfeart, is it nedich hjir to teikenjen, honear men dêrmei yn Nederlân bigoun is en ho't it yn syn wirk gyng. Hwa't er dêrnei folle mear fen witte wol, moat myn noch al aerdich tsjok boek: „Bijdrage tot de Geschiedenis der Nederlandsche Walvischvangst (meer speciaal de Zaanse)“<sup>1)</sup> mar ris sjen to krijen ef keapje. Men bigrypt, dat ik dêr hjir mar in krúmke fen forhelje kin. Mar ik ornearje, det it jimme wol safolle ynteressearje scil, det ik oer dit sjapiter wol twa stikjes skriuwe mei.<sup>2)</sup>

It is al foar it jier 1000 sa wirdt der forhelle, dat Noarske en Ingelske keningen oarder op saken stelle, as der sa'n fet mûnster út 'e Noardlike lissé dea oan it strân fen hjar ryk oanspielt. En de Basken — it nuvere folkje oan 'e Spaensk-Frânske grins — makken miskien ek al dodestiids jacht op 'e wâlfisk (it fette bist hwerfen ik net hoech to sizzen, dat it gjin *fisk* is?)

Us lânsljue sitte him earst mei 1600 efter 'e boksen. Saendammers hawwe dêr wol alderearst part fen hawn, en in rivier op Spitsbergen hjit nei hjarren yet „Sardammer rivier“. Al ringen bigounen ek ljue út Amsterdam, Hoarn, Inkhuzen, Delft, Selân dêr oan mei to dwaen, mei dy gefolgen, det der in Maetskippij oprjuchte waerd yn 1614, dy — krekt sa goed as de Eastynjeske en letter de Westynjeske Kompenjy — it monopoolje krige. De Saen-kanters rekken do bûten it perk. In jiermennich letter waerd der ek in „keamer“ fen Fryslân yn 'e „Noardske“ ef „Groenlânske Kompenjy“ (sa hjitte hja) ûnder dak brocht.

Oant efkes foar it formidden fen 'e 17e ieuw gyngen ús skippen nei de baeijen fen 'e eilânsamling, dy't Spitsbergen neamd wirdt. Om't men lang miende, det dit in stik fen Groenlân wier, praette men fen „Groenlân-feart“ — in namme dy't dos in flater wier, mar dy't letter, do't mear op 'e séstrjitte Davis fearn waerd, goed fen pas wier.

Dêr yn 'e Spitsbergenske baeijen kamen de wâlfisken by hûnderten yn 'e „djoei-ef-bronstiid“. Men koe hjarren tige maklik fange troch der in harpoen yn to smiten. Det moast fensels net mei jongejiiffershantsjes barre, hwent it grammitige harpoen moast troch it tsjokke spek hippe yn it fleis tolânne komme. Aenst' dêr mear oer.

Wier it bist op 'e lange lêste dea, den waerd it mei touwen en takels op 'e wâl litsen en mei greate messen<sup>3)</sup> it spek der ôf kapt. Yet lytser waerden de klobben makke en den einliks yn 'e greate, platte, reakeren aden mei siedend wetter smiten. Dêr barnde oanienwei in fjûr ûnder en sa waerd de traen dêr út sean. Dy driuwde fensels op it wetter en men skepte dy oalje der nou en den ôf yn fetten, dy't den letter meinomd waerden nei it heitelân. Eltse „keamer“ fen 'e Kompenjy hie hjar eigen traentsjettels en der is lang (faeks noch wol) it plak oan to wizen west, dêr't de „Harlinger kokerij“ stien hat.

It ôfkappen fen it spek wier in ..... yllindichst smoarch bidriuw. Men siet kop-nearen ûnder 'e traen en „oare“ smoargens! Yn 'e 40-er jierren fen 'e 17e ieuw kaem it monopoolje fen 'e Kompenjy yn 'e knipe. Ljue út 'e Ryp (yn N.-Holl.), Wormer en Jisp hiene der lak oan en gyngen yn 'e „iepene“ sé de walfisk, dy't sa fûl jage waerd, det er de baeijen fen Spitsbergen bigoun to meijen, op 'e lea. De Kompenjy forstoar 'den ek yn 1645. Eltse Nederlâner koe nou frij it bidriuw hantearje.

Mei't de „baeifangst“ nou for it greate part „iisfiskerij“ wirden wier, moasten de skippen greater en dreger wirden. Der moast

mear manskip op. Men siet sims dagen oanien in wâlfisk efter 'e boksen. It kaem ta fjuchtsjen: de matroazen fen it iene skip woene ljue fen in oar boat de bût ûntfytmanje, om't hja it bist ûnder in iisberg ef in skosse weikommen seagen. De oaren seinen: „Né, hy wier útpike, mar ús harpoen sit der yet ya!“ As 't net yn goedens skikt waerd (men parte de fisk wol), kaem de saek thús faken foar notaris en rjuchter.

As men it bist mei in sloep efternei siet, smiet de harpoenier sims op 25 ef 30 meter ôfstân it harpoen der yn. Troch de pine gyng de wâlfisk mei boarstend gewelt der fen troch. Yet op 'e nij waerd hy rekke, en mei sa'n faesje gyng it bist op soalen det men de line hast net sa gau fiere koc. De houten foarsteven koe troch de wriuwing wol ris yn 'e brân reitsje. Om't sa'n line wol f70 koste hie, hakte men dy net sa gau troch!

Mei lânsen stiek — en it bist, det njunkenlytsen wirch waerd, dea. It séwetter wier fier yn 't roun read fen bloed...

Wier men to fier fen board, den waerd de bût oan in skosse fêst makke. By 't ôfslachtsjen seach de man fen 'e wacht op it skip sims al wer in nije fisk „bliezen“.

Men koe nou net mear nei Spitsbergen farre om dêr it spek út to siedden, en ek op 't houten skip koe dat dodestiids allike min. Men hie net folle tiid dêr yn dy kontreijen to bliuwen: it ynfriezen bitsjutte de dea!

Men naem it spek mei, en yn 'e traensiederijen to Saendam, Eastsaen, Wormer, Jisp, de Ryp ensf., die men dan it smoarge, oeribel stjonkende wirk.

Sa lang it op Spitsbergen birêdden wier, koe men dêr in drok forkear fen al dy manljue mirkbite. It wier der mear as in healjier oanienwei ljochtskynde. Der wennen yn dat skoft yn 'e houten „loges“ ljue, dy't brandewyn, tabak ensf. forkoften. Hja hjitte yn 'e âlde stikken: „soetelaars“, ús wird „sûtelers“. Elts etmel wierne der waerme bôllen to krijen, forhellet Sorgdrager, en de bakker liet dat op syn hoarn hearre. Wy kinne yet it rymke:

„De bakker van de hoek  
Die heeft vannacht geblazen“ (ensf.)

Wy wolle nou net mear prate oer it bidriuw, dochs allinne yet sizze, det de manljue, dy't de reis nei it fiere Noarden weagen, drege feinten wierne. Men hoecht net to mienen, det hja langst hiene nei aventûren, mar de skoane fortsjinst trune hjarren oan.

Sjêsa — nou komme de Grousters, dy't dêr mei húsmanne hawwe, ûnder it mes.

Saendam.

S. LOOTSMA,  
Learaer yn 'e Skie'nis.

T a h e a k k e: Ik haw myn plan efkes foroare; my tocht: earst mar nei Groenlân, den binne we al fêst troch de kjeld hinne. En yn 'e twiskentiid is 't miskien yn 'e Eastsé hwet rêstiger wirden.

1) Amsterdam, Van Kampen; 1937.

2) Om 'e Redaksje mei it tink wol, nou? (Neat op tsjin! Red.)

3) Jammer genôch binne harpoenen en spekmessen njunkenlytsen nijsgjirrige dingen wirden. Mar ik bin sa fortúnlik fen elkmes trije yn it bisit to hawwen.

# Ien en oar oer 'e Grouster sêfeart yn 'e 17e en 18e ieuw

## III.

Hwer hearden de ljue thús, dy't as folk op 'e sims wol 150 à 200 wâlfiskfangerskippen út Hollân en Fryslân mei gyngen? Men scoe sa tinke, det men dêr wol ynforraesjes oer krije kin. It mei den net fen alle skippers bikend wêze, mar den dochs wol fen 'e measte?

Ik haw in lange rige âlde Hollânske folianten yn 't Ryksarchief to Haerlem trochsneupt en dêr ek wol gâns fen myn gading foun, mar fierstomin om rij mei de nammen omspringe to kinnen. Hiene wy nou mar de „mûnsterrôllen“, de listen mei de nammen fen 'e bemanning. Mar dy binne nou krekt hast net to finen. Lokkich, det de atestaesjes oer kwesjes, as ik forline wike oanhelle, for de Saenske notarrissen ús yet ien en oar meidiele. Ef: hiene wy mar de boekhâldings fen wâlfiskrederijen. Nou, in inkelden ien haw ik yn hannen krige. En dêr siet nou krekt in Grouster yn. Fierder trof ik in pear oan yn notariële stikken. Mar... yet efkes gedild.

Hwa foerren nou op dizze skippen? Bûten de kaptein, dy't op in wâlfiskfaerder altyd „kommandeur“ hiet, foun men dêrop 42 „iters“: harpoeniers, speksnijers, roeiers, in „master“ mei syn medisynkiste, in pear timmerljue, in pear koks en de oaren neamde min dan yn 't generael: matroazen.

As bitûfte harpoeniers hie min earst de Basken brûke moaten, mar dy wierne djûren setten it faek yn 'e kant, om't hja hjar ûnmisber achtten. Boppedet forbea de Frânske minister Richelieu yn 1634, det hja bûten Frankryk tsjinst diene. Dêr sieten wy mei de gebraden! Ja, sa like it. Mar itselde jier brocht útkomst: op 'e Noard-Fryske en Jutske eilannen hâlden de stoarmen sa ûnbidich hús, det wol de helte fen it bou-en it greidlân forslind waard. De minsken dêr moasten op oare menear it brochje fortsjinje en kamen sa op ús wâlfiskskippen tolânne. Safier wy nammen witte, binne dêr in hiel soad biwenners fen dy eilannen (it út de sé-oarloch nou wolbikende Sylt e.o.) ûnder. Mar fensels ek fen ús eigen folk.

En sa bin ik by de Grousters oanlânne. Fen it Noardhollânske Ryp binne in stikmannich mûnsterrôllen biwarre en yn dy fen 1778 fen it skip „t Lant van Beloften“ ûnder kommandeur Jacob Kok, mei bistimming nei Groenlân, wirdt ús as „Kajuytwagter“ neamd „Teeke van Grouw“. In hege funksje is dit net west. Teake (dat kinne se yn it Hollânsk nea goed staverje!) wier yet mar in jongfeintsje. Hy kriget mar f9 yn 'e moanne, wylst gewoane matroazen yn dy tiid f19 krije. „Master“ (de skipsdokter) Jan Veerman „van 't Heereveen“ bitinge wol f28. Mar dêr wier den ek hwet by for syn „medicijnkist“.

Efkes scoe min yn 'e biswaaijing komme kinne it faek foarkommende wenplak efter matroazenammen: *Grouwdiep*, ek for Grou to hâlden. Sa koe men yn Hollân in wetterdoarp as Grou wol neame. Mar it lân leit oars: Grouwdiep (ek as Graudip skreaun) is in plak op de sa krekt neamde eilannen. Ek de persoansnammen binne net suver Frysk.

Op it skip fen Kommandeur Cornelis Winder, det yn 1746 útrist waard ûnder boekhâlderskip fen Andries en Meyndert Hoffenaer to Saendam, wier ûnder 'e matroazen Gerben Ruerds fen Grou. It skip is, sa't dat hjitte, „gebleven“, mar letter hat men it bergje kinnen. Ef Gerben Ruerds de Grouster toer wersjoen hat en syn doarpsgenoaten forhelje kinnen hat fen 'e trochstiene illinde, kin ik net sizze.

En op 't skip, dêr't yn 1715 Kommandeur Aris Kriek (ûnder boekhâlderskip fen Pieter Lubbertsz. Koopman fen Saendyk) it regear op hie, tsjinnen twa Grousters: Arjen Hiddesz en Fokke Pietersz. In great part fen 'e manskip is omkomd nei ilindich lijen, allicht dizze beide persoanen ek.

Der binne grif wol mear manljue út dit doarp nei 't Noarden tein. As alles goed gong, fortsjinne min in grou lean. Dêr komt by, det de wâlfiskreders út 'e Saenstreek en de Ryp-Graft for it greatste part Menisten wierne, en graech Menisten yn tsjinst namen. Nou, in flink persint fen 'e ynwenners fen Grou wierne fen dy rjuchting. Ik mien in jiermennich tobek ris yn „Frisia“ lêzen to hawwen, det it dopen wol is hwet ier barde om 'e Menisten, dy't mei gyngen op 'e wâlfiskfeart. Kin ien fen 'e lêzers my hjiryn torjuchte helpe?!

Fen 'e wâlfisk woe men yn it foarste plak it spek en 'e bleinen hawwe. Dit lêste wierne de bûgseme stêven efter yn 'e almachtsjes greate bek. Ek Grouster frouljue hawwe dodestiids net al to breed wêze wollen en in korsjet droegen mei wâlfiskbleinen. Men brûkte se ek (de namme seit it al) yn paraplú's (foardet hja fen stiel wierne).

Ek naem men wolris grouwe bonken fen it bist mei, diels út nijsgjirrigens, diels for in bipaeld doel. Kieuwen („kaken“) en ribben dienen tsjinst as hikkepealen en ek as wriuwpealen for it fê. Op forskate plakken fen Fryslân (net allinne op 'e eilannen) hat min dy hawn. Mar de kieuwen diene ek oare tsjinst: ek yn dizze bonken siet traen en det noch wol de âldebêste. Dy waard „knook-“ (dat is: bonke-) oalje neamd. Efter mijn went haw ik twa sokke kieuwstikken stean, hwer't gatten yn boare binne om dy oalje dêr út drippe to litten. Yn 'e boekhâlding út de Ryp fyn ik dy oalje forantwirde tsjin hege priis for eltse flesse. It moat in probatum middel tsjin rimmetyk west hawwe.

Nou moatte wy by Grou hjir yet efkes oer dizze kieuwen prate.

Yn myn boek oer de wâlfiskfeart haw ik in print sette litten fen 'e Herfoarmde tsjerke to East-Saendam. Dêr sjucht men in wâlfiskribbe oan 'e foarmûre ophongen.

Op 'e ôfbyldings fen it âlde Amsterdamske stêdhús, teikene troch Piter Saenredam, sjucht men in stik fen in wâlfiskkieuw hingjen. En sa scoene mear plakken to neamen wêze, hwer't men sa'n grouwe bonke oan stêdhús ef tsjerke bifestige.

Nou foel my al wol tritich jier forlyn op de foarm fen 'e bikinde rounne poarte foar de Herfoarmde tsjerke to Grou. Ik haw nearne ea sa'n poarte oantroffen. Do't ik stúdzje makke fen 'e wâlfiskfeart en folle printen seach fen tagongspoarten fen tsjerken, boerkerijen, tsjerkhoven ensf. yn N.-Dútsklân,

Denemarken, Ingelan, hwer't men... dy kieuwen tsjin elkoar opsette, sadet in figuer ûntstie as in Gothysk finster, hie 'k al by my sels ornearre: sa koe 't ek wol west hawwe mei dy Grouster poarte. Ik waard yet bisterke yn dy ûnderstelling, do't ik hearde, det boppe it forwulf fen dy tsjerke yet sa'n stik kieuw biwarre waard. 'k Haw dêr neifraech nei dien, mar ek in man as de hear Jm. Nieuwenhuis koe my dêryn net to plak helpe. Hwa wit der mear fen? Sa'n oerlevering oer in stik wâlfiskkieuw is to nuver om dy samar oan kant to smiten. Meastal sit der in kên fen historyske wierheit yn. Ik haw gjin gelegenheid foun nei to sneupen, eft der âlde printen fen Grou mei de tagong fen 'e tsjerke biwarre binne, hwerop dy poarte in oare as de rounne foarm hat. Miskien kin de iene ef oare lêzer my de wei wize. Myn adres is:

S. LOOTSMA.

Vermeerstr. 7, Zaandam.

1) It measte matriael oer 'e wâlfiskfeart yn Fryslân en it dielnimmen út forskate doarpen hoopje ik to brûken yn in stúdzje oer dit bidriuw. Ik wit: it seil net meifalle — der binne to folle gatten yn ús kennisse op dit stik.

# Len en oar oer 'e Grouster sêfeart yn 'e 17e en 18e ieuw

## IV.

En nou geane wy mei Grouster skippers troch de Sont, nei de Eastsê!

Dêr lizze de kontreijen, dêr't rjue dingen to krijen wierne en binne, hwerfen net allinne de biwenners fen: ús eigen lân sels to min hiene, mar dy't men ek skoan brûke koe yn 'e lannen om 'e Middellânske Sê. Blauwmen wenne dat: granen, hout, hinp, itak, enst. Der fasten leverre it fûnden oan it Noarden: yn it laaste plak salt en sud fruchten. It wetter fen 'e Eastsê is mar oel sa'n bytsje salt. In great part fen it salt waerd brûkt (yn Noardwegen) om 'e stokkisk en oare fisksoarten rê to meitsjen, dy't dan wer nei de Roomske steaten yn it Suden forfierd waerden.

Denemarken makke der in tankber gebrûk fen, dat de skippers nei de Eastsê troch de Sont moasten. Hja moasten dêr tol bitelje, dy nou ris hwet heger en den wer in bytsje oan 'e legere kant wierne. Wy kinne fen det op-en-del-gean yn dit bistek net to folle sizze, en bigjinne dêrom mar to forheljen, det de listen fen dy tollen sûnt 1497 (hjr en dêr mei fikse gatten deryn) biwarre binne. Dêr blykt út, det Nederlân in great — it greatste — part hie yn dizze Eastsêfeart, oan 'e lêste 20 jier fen 'e 18e ieuw ta, do't de Ingelsken ús aerdich „yn 't farwetter” sieten.

Sa't ik al sein haw, kin ik hjir net al to wiidweidich skriuwe oer hwet Fryslân yn syn gehiel yn dizze sêfeart dien hat. Det moat op in oar plak as yn in krante foar-elkoar komme. En ik kin hjir ek net al to rij mei getallen smite. It âldernedichste moat efkes neamd wurde.

Ik scil mar ris for de greep wei in jier nimme, bg. 1661, it earste jier út it twadde diel fen 'e Sonttol-listen<sup>1)</sup>. Wy lêze deryn, dat der den 2092 skippen troch de Sont geane. Hjirfen steane 1221 op namme fen Nederlanners: 877 komme út Hollân, 297 út Fryslân, 84 út Harns, 53 út Starum. (Oare Fryske plakken as Amelân, Dokkum, Frentsjer, Hynljippen, Koudum, Ljouwert, Molkwar, Snits, Warns, Warkum, litte we efkes biside).

Mar nou moatte wy earst dy getallen ris efkes bisjen. Hja bitsjutte, det der safolle skippen *hinne en werom*<sup>2)</sup> troch de Sont fearn binne. Boppedet die (sa't perfester Kernkamp ús útlein hat) in skip yn normale tiden 3 ef 4 reizen yn it jier nei de Eastsê. Wy kinne dos (al heart det hwet nuver) sizze det it trochinoar 3½ yn 't jier wier. Men moat de getallen dos meastentiids troch 7 diele om it oantal skippen yn dizze sêfeart to krijen. Sa wirdt it listke fen 1661 dos likernôch sa:

Totael	Ned.	Holl.	Frysl.	Harns	Starum
300	175	125	43	12	8

Wy jowe hjir nou gjin getallen fen oare jierren, om't it allinne to dwaen wier om sjen to litten: by dy oantallen moat men hwet kritysk to wirk gean. Oars giet it, sa't in skriuwer út Harns yn 'e Ljouwerter krante dien hat, dy't (al is it den grif út ljeafde for syn wenplak) ta al to greate getallen komt yn 'e Ljouwerter krante fen 2 Desimber 1939.

Mar ek as wy ta dizze lytsere oantallen tobek gien binne, kin men yet ta in alhiel forkeard byld fen de Nederlânske, Hollânske en Fryske sêfeart nei de neamde kontreijen komme. Hiene Harns en Starum yn 1661 yndied 12 en 8 skippen, dy't det wirk diene? 't Liket, det dat bêst wier wêze kin. Litte wy nouris efkes in pear oare jierren út 'e list nimme, b.g. 1616 en 1618. For Harns steane yn dy jierren 350 en 367 skippen oanteikene, for Starum 176 en 215. Det is dos (yetris!) safolle *fearten troch de Sont*, hinne en werom. Do scoene der dos út H. wei 50 en 53, út St. 25 en 31 skippen oanienwei ûnderweis west hawwe. Ek dat scoe yet net al to bryk hoege to lykjen. Mar ik scoe oare foarbylden (út lytsere plakken) nimme kinne, hwer't it dochs wol hwet al to skean for de hearen komt.

Lit ik jimme dos mar út 'e dream helpe:

hjr hawwe wy de kwesje by de kop, dy't yn it Dútsk draeit om 'e frage, ef „Schiffs-heimat” itselde is as „Schiffer-heimat”. Mei oare warden: as wy wite, hwer't de skipper taheart is dat den ek it „thuis” fen it skip? It ûnderalle fen Prof. Mr. Van Brakel en ek ten my net in oar it ljocht komt, det der gjin sprake ten is. De ljeue, dy't in part (sims mar in 64e ef in 128e ef yet lytser) yn in skip hawwe, sitte fack oeral fotspraet. In skip kin dos wol út Harns utarte, en ûnder bliwâld fen in Harnser skipper stean, ûnder det it in „Harnser” skip is. Sjewa, non binne wy wapene om 'e Grouster leant op 'e Eastsê yn it goede ljocht to sjen. It dêntsje-blikt yn nije wike.

S. LOOTSMA.

<sup>1)</sup> Hja binne útjown op útstel en ûnder redaksje fen Mefr. Dr. Nina Ellinger Bang en Dr. Knud Korst.

<sup>2)</sup> „Østpaa” en „Vestpaa” (is: nei 't Easten en nei 't Westen), sa't it yn dizze Deenske listen hjit.

T a h e a k k e. Myn tank oan inkelde lêzers, dy't blyk jowe fen bilangstelling. De hear Lútsen de Jong to Grou skriuwt, det men yn it boekje fen Ds. Pasma: „De Doopsgezinden te Grouw”, lêze kin, det it Nachtmil (net it dopen) by de Wetterlânske Menisten wolris bytiid yn it jier hâlden waerd om de ljeue, dy't meigynge op in sêreis. It scil ek wolris for de wâlfiskfaerders dien wêze, hwent dy moasten ek sims mids ef ein Maert al nei Hollân.

De hear A. J. van Stralen tank for de meidieling, dat der wol in wâlfiskribbe op 'e souder fen 'e greate tsjerke oanwêzich is. Der sit in ring oan, hy hat grif oan ef yn 'e tsjerke hongen. *Scoene tsjerkfâlden net bislute kinne it ding wer sa op to hingjen?* Ik stjûr de hear Van Stralen út tank for syn moaije foto's, in printsje fen 'e East-Saendammer tsjerke mei sa'n ribbe. Jy scille wol gelyk hawwe mei jo miening det de tsjin-wirdige Gerben Ruerds fen dy âlde wâlfiskfaerder ôfstammet. Hjitte hy b.g. Jan Pipers ef Piter Johannes, dan scoe 'k soks net sa grif sizze doare.

Hwet de hear Vollema skriuwt fen in stik lân to Friens, det yet de „Kakebjinne-five” neamd wirdt, is tige nijsgjirrich. Yetris tank.

L.

(V. It lêste).

Yn 'e Sonttol-listen komme Fryske plakken al fen it earste jier ôf foar, dos fen 1497 ôf. Yn dat jier is it bûten Harns en Starum allinne Hynljippen. Den witte wy allinne hwet fen 1528, en mei lytser ûnderbrekkings giet it den fen 1537 ôf frij geregeld. Den forskine ek: Boalsert, Frjentsjer, Ljouwert, Snits, Warkum. Njunkenlytsen wirdt it tal greater. Grou komt in hiel skoft yet net for it ljocht, de hiele 17e ieuw net. *Aldeboarn* for it earst yn 1711 mei 12 trochfearten, 6 hinne en 6 wêrom. Om yet in plak út 'e omkriten to neamen: Terherne makket 1 + 1 trochfearten net earder as yn 1714. *Aldeboarn* bliuwt den forskate jierren wer biside. Terherne is yn 1720 komd op 5 + 4 trochfearten en yn det jier treffe wy Warten oan mei 4 + 2.

1729: *Aldeboarn* 11 + 11, *Terherne* 13 + 13, *Warten* 8 + 8.

1731: *Terherne* ek mei 16 + 15.

Wergea for 't earst yn 1738 mei 1 + 0, mar yn 1741 al mei 6 + 4. Yn dat jier is *Terherne* al omheech gien oan't 20 + 19.

Aloan greater wirdt it oantal Fryske plakken, dêr't skippen fen nei de Eastsé farre. Yn it foarste jier, dat *Grou* einlings ek for 'n dei komt: yn 1748, tel ik 24 Fryske plakken (yn 1761 wol 31). Grou stiet yn 'e rige net foaroan, mar koe dochs op 'n djûr meidwaen. Wy scille nou in listke gearstalle mei in oantal Fryske en dêrneist de *Grouster* trochfearten, fen 1748 oan't 1783 (safier rinne de registers dy't útjown binne). Fryslân hat den faek frijhwet greater part yn 'e feart nei de Eastsé as Hollân sels. Dat is fensels hwet oars as yn 'e *hannel*: dy wier for it greatste part for rekken fen Hollânske reders.

Fryske Grouster	Fryske Grouster	Fryske Grouster	Fryske Grouster
1748: 679 <sup>1)</sup> 2 <sup>1)</sup>	1766: 1252 23		
'49: 1010 6	'67: 1399 26		
'50: 1202 6	'68: 1206 20		
'51: 1389 8	'69: 1217 18		
'52: 1323 14	'70: 1419 26		
'53: 1092 4	'71: 1061 16		
'54: 1293 5	'72: 982 —		
'55: 1120 12	'73: 1059 7		
'56: 785 8	'74: 1155 16		
'57: 828 6	'75: 1167 36		
'58: 878 8	'76: 905 18		
'59: 876 8	'77: 1019 24		
'60: 953 8	'78: 929 18		
'61: 1135 14	'79: 724 12		
'62: 1068 12	'80: 483 19		
'63: 1283 22	'81: 6 —		
'64: 1257 28	'82: 5 —		
'65: 1179 16	'83: 149 3		

Der is op it Ryksarchyf to Ljouwert yet in stik, det ús eat fortelt fen de Fryske en dêrûnder de *Grouster* séfeart. It stik hjit: "Registratie van de Zeebrieven bij het Ed. Geregte tot Stavoren uijtgegeven". Men fynt dêryn: de datum fen útjefte, namme fen 'e skipper, 't wenplak fen 'e skipper, de namme en de ynhâld fen it skip. It register rint fen 12 Febrewaris 1745 oan't 1803. Wy hiene, do't wy it stik brûkten, net genôch tiid al dy nammen oer to skriuwen. Det haw ik dien oan't 1749 ta.

Ek hjirynt komt *Grou* net sa oeribel faek foar. Mar it jowt ús tominsten in inkelde skippersnamme, en de namme en greatens fen syn skip. Wy fine:

30 Juny 1745: *Hylke Annes van Grouw*, "de Anna Margaretha", 49 last.

14 Maart 1746: deselde.

15 Febr. 1747: deselde, mar nou mei de tanamme: *Pranger*.

13 April 1748: deselde.

Earst yn 1754 komme der wer twa *Grouster* skippen foar. Yn 1758: trije, yn 1760 ek. Yn 1763 fjouwer. Yn 'e jierren fen 'e IVe Ingelske oarloch (1780-'84) fart der yn 1783 ien *Grouster* skip út Starum út, en yet trije út Wâldsein. Oars gjin ien.

Yn 1787 is ien fen 'e 7 skippers yn dit register in *Grouster*. It jier 1794 mei 24 registraesjes hat dêrûnder twa *Grouster* skippen. Sa't ik sei: ik haw de nammen dêrfen op dit stuit net. It kin bêst bislaen, det ien skipper twa reizen dien hat yn ien jier.

Den komt de Frânske tiid en bitsjut de hiele Nederlânske séfeart in lytse tweintich lang gjin byt.

Grou hat sels wol skippen bouwd, dy't it "skolperige" wiet bifearn hawwe. It is spitich det wy op dit stuit yet mar in bytsje witte fen 'e skipbou yn Fryslân. Der binne safolle weardefolle pompiëren forlern gongen. Miskien komt út de iene ef oare hoeke yetris hwet op 'e lappen. De goed-ûnderleine notaris S. Haagsma sneupte in bulte nei op dit fjild, en forhellet ús yn syn stúdzje "Een blik op Frieslands Koopvaardij in 't midden der 18 eeuw" (sûnder jiertal), op side 33, det in great part fen 'e skûten, tsjalkskûten en sésnikken, dy't brûkt waerden yn 'e feart op 'e Eastsé, yn Fryslân sels makke waerden. Sa hie men to *Grou* de skipbouwers *Johannes en Willem Pietersz. Sjollema*. Hjar beide hellingen waerden yn 1766 publyk forkoft. Yn 1764 en '72 wirdt to *Grou* yet neamd de skipbouwer *Johannes Jurjens*. De beide *Sjollema*'s makken kofskippen fen 100 lêst. Ek fynt men dêr yet de namme fen *Pier Johannes Sjollema* oan't likernôch 1782. Yn 'e Ljouwerter krante fen 1782 is yn in adfortinsje de helling fen glizze man to hier. Yn '87 is der wer sprake fen *Claes Piers Sjollema*. It fak bleau dos (krekt as yn 'e Saenstreek) yn 'e famylje hingjen.

De hear H. W. Hoeneveld hat yn "Frisia" yn 'e jierren 1925 en '26 ek yet ien en oar nijsgjirrigs meidiel oer 'e *Grouster* skipfeart en skipbou. It measte dêrfen falt ekes bûten ús bistek. Mar der binne ek inkelde dingen by, dy't by ús stúdzje passe. Alde master S. Zwat is in twiich út in âlde skipbouwersfamylje. Ien fen syn foarfaren yn 'e 18e ieuw wier *Sipke Wietzes Hellinga* hwaens namme miskien út it bidriuw foartkomd is). Op syn helling, dêr't binammen kofskippen timmere waerden, wierne wol 80 ef 90 man oan 't wirk.

As de hear Hoeneveld fortelt fen "Het Gild", dat yn 1926 syn 150-jierrich bisten bitocht, seit hy, det it neffens de oerlevering oprjuchte is troch folk fen 'e hellingen. De 27e Desimber 1795 stiet yn 'e âlde "Gild"-pompiëren: "so syn van de Eenhonderd en drie en zestig leden twee en zestig afgegaan". Die rjuchte in nij gild op. Mar dit scoene den allegearre hellingsljue west hawwe. It bidriuw hie den yet frijhwet om 'e haken.

Wy moatte ôfbreidzje. Mar wy wolle dat net dwaen, den nei de *Grousters* op it herte boun to hawwen: Haw each for 'e skiednis fen jimme doarp. Jimme hjitte wolris "eigenwize" *Grousters*. Miskien is der in bytsje

fen wier, mar litte wy dêr oerhinne stappe en it wird hwet omdraeije: Wêz wiis mei jimme *eigen* doarp. Biwarje alles hwet jimme fine oan âlde snypsnaren en pompiëren, dy hawwe faek mear waerde as in leek bigrypt. Biwarje ek stikken út "Frisia" as ik for jimme skreaun haw. De neiteam hat der grif wol hwet oan. Wy moatte de jongeljue fen nou wekker skodzje om acht to jaen op hwet ús foarslachten dien en ûndernommen hawwe. Mei ik my oanbifeelje for it tastjuren fen alles, hwet jimme op dit mêd yn 'e hannen komt? Den sprekke wy elkoar miskien yetris oer de skiednis fen dit nijsgjirrige gea. Oan't salang.

Saendam.

S. LOOTSMA.

1) Yetris: dit is net it oantal skippen, mar de trochfearten.

2) Yn 'e IVe Ingelske oarloch leit de feart op 'e Eastsé frijwol stil. *Grou* stiet der neffens it totaal yn 1783 net min foar.